



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

## Lange wurden

Sijens, H.

### **published in**

Friesch Dagblad  
2013

### **document version**

Publisher's PDF, also known as Version of record

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

### **citation for published version (APA)**

Sijens, H. (2013). Lange wurden. *Friesch Dagblad*, 22-6-2013.

### **General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

### **Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

### **E-mail address:**

[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

## Lange wurden

troch Hindrik Sijens

Okkerwyks wie yn it nijs dat de Dútske dielsteat Mecklenburg-Vorpommern besletten hie om it 63 letters tellende wurd *Rindfleischetikettierungsüberwachungsaufgabenübertragungsgesetz* út syn wetsteksten te skrasen. Om sa'n wurd te begripen moatte sels Dútsers it mear as ien kear lêze en wy net-Dútsers stammerje der alhielendal in moai skoft op om. It wurd tsjut op in wet oangeande de delegaasje fan it tafersjoch op ettiketearing fan kowefleis. It giet hjir om in steapelning fan gearstalde wurden dy't amper of net yn de gewoane omgongstaal brûkt wurdt en alhielendal net yn it wurdboek stiet. As men op it ynternet sneupt fynt men ek Nederlânske wurden fan wol 60 letters, mar dat binne allegear betochte wurden dy't net yn de gewoane taal funksjonearje. It programma Lingo kaam jierren lyn alris mei it langste Nederlânske wurd: *kindercarnavalsoptochtvoorbereidingswerkzaamhedencomitéleden*. Dit is grif net it langst mooglike wurd, want mei wat kreativiteit kinne je dêr ek noch wat efter plakke, bygelyks *verjaardagspartij* en dan krije je:

*kindercarnavalsoptochtvoorbereidingswerkzaamhedencomitéledenverjaardagspartij*. Moai betocht, mar it wurdt fierder net brûkt en stiet net yn it wurdboek. It langste wurd dat wol yn Van Dale stiet, is *meervoudigepersoonlijkheidsstoornis*. De langere wurden yn 'e wurdboeken binne faak gemyske ferbinings as *wetterstofsyanide* en *natriummwetterstofkarbonaat*. Dat binne mear formules as echte omgongswurden. Yn it Ingelsk is oait sa'n formulewurd makke dat sá lang is, dat it wol 15 minuten kostet om it te sizzen. It begjint sa: *Methionylalanyl* ... en hâldt sa op: ... *glycylprolylprolylprolylleucine*. Op papier beslacht it fyftjin A4'kes.

De langste Fryske wurden dy't yn it Frysk Hânwurdboek steane binne *arbeidsûngeskiktheidsfersekering* en *rioeiwettersuveringsynstallaasje*. Foardat josels oan it tellen slagge: se hawwe elk 32 letters. Oare lange wurden yn it Frysk binne *minderwaardichheidskompleks*, *ûnderwiisbegeliedingstjinst*, *postkonsintraasjekampsyndroom* en *libbensfersekeringsmaatskippij*. Yn de Taaldatabank fan de Fryske Akademy (in databank mei 24 miljoen wurden) telle de langste wurden sa'n 26-27 letters. Dat binne faak gewoane wurden as *frijwilligersorganisaasje* en *finansieringsmaatskippij*. Mar ek ûngewoane gelegenheidswurden as *bûtengenedestruktuerlik* en *amerikareisiepnbiering* komme foar. In aardige fraach yn dit ferbân is oft Fryske wurden gemiddeld like lang, langer of koarter binne as Nederlânske wurden. Om dêr in goed antwurd op jaan te kinnen, freget aardich wat rekkenderij. Mooglik dat de wurden yn it Frysk gemiddeld wat langer binne as dy yn it Nederlânsk. Oanwizings dêrfoar kinne wêze dat it Frysk mear bylûdkombinaasjes hat fan trije letters (bygelyks skr, skj, dzj en zje). It Frysk hat boppedat ek mear wurden mei lange, twa- en trijelûden dy't hieltyd mei twa of trije letters skreaun wurde. Ek by ien-op-ien oersettings yn wurden as *veiligheidsdienst/feilichheidstjinst* of *maansverduistering/ moannefertjustering* brûkt it Frysk gauris mear letters as it Nederlânsk. Ta beslút: by al dat lettergeweld yn lange drege wurden is der ien treast: de measte en gewoanste Fryske wurden binne ienfâldich: *noas*, *gers*, *wurd*, *mûts*. En se binne koart: *ik*, *de*, *op*, *en*, *yn*.